


# *De Treffers*



**v.v. SDS**



oktober 2002

# De Treffer

## klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 33 nûmer 3

oktober 2002



anno 10 augustus 1947

### Redaksje:

Aant Hofstra  
Hinke Kuiper  
Klaas Pompstra  
Meinte Wesselius  
Sjoerd van Beem  
Willem Wijna

### Adres:

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels  
Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein  
De Singel 14, 8734 HR Easterein  
Trekwei 11, 8731 AA Wommels  
Molewâl 4, 8731 AD Wommels  
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels

### tillefoan:

0515-332364  
0515-332727  
0515-331789  
0515-332431  
0515-332482  
0515-331444

### Bestjoer:

Rienk Wiersma	Itingewei 4, 8735 HT Itens
Ferry Duipmans	Koaifinne 16, 8734 HK Easterein
Popko Wijna	Hottingawei 23, 8731 AB Wommels
Jacob Kooistra	De Singel 13, 8734 HP Easterein
Dukke v/d Wey	Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein
Bauke de Boer	A. Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Eddy de Boer	Skippersbuorren 15, 8734 GN Easterein
Willem Twynstra	De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Roel Sijbesma	De Singel 17, 8734 HP Easterein

### tillefoan:

0515-332400  
0515-332562  
0515-332315  
0515-332486  
0515-332340  
0515-332555  
0515-331533  
0515-332570  
0515-332186

### funksje:

Foarsitter  
Skriuwer  
Ponghâlder  
Wedstriidsekretariaat  
2° ponghâlder  
Reklame en PR  
Lede-administraasje  
Materialen  
Sen. / technyske saken

### Jongereinkommisje:

Meinte Wesselius	Trekwei 11, 8731 AA Wommels
Koos Plantinga	De Singel 24, 8734 HR Easterein
Tineke Vink	Singel 30a, 8734 HR Easterein
Enne J. Bruinsma	De Singel 12, 8734 HR Easterein
Akke Hulzinga	Fyns 7, 8731 CP Wommels

### tillefoan:

0515-332431  
0515-332448  
0515-333134  
0515-332013  
0515-332590

### funksje:

Foarsitter  
Skriuwer  
Sekretariaat  
Algemien lid / TC  
Algemien lid

### Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleaseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

### Fersoarging terrein en materialen:

Andries Stuiver	A. Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872
Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	0515-331560
Harm Bergsma	Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein	0515-332476
Sjouke Sjoukema	Hearedyk 55, 8735 HP Itens	0515-332355
Klaas de Haan	A. Joustrastrjitte 11, 8734 GJ Easterein	0515-332182

### tillefoan:

### Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

### Bankrelaasje:

34.95.01.033

Rabobank Easterein e.o.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

### **Korrespondinsje besoarging Treffer:**

Easterein:	Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein	0515-332727
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	0515-332355
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Kûbaard:	Jinse de Jong, K Ynsesstrjitte 14, 8732 EM Kûbaard	0515-331738
Oare plakken:	Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein	0515-332727

### **Tillefoan:**

### **Kontribúsje:**

Senioren fjildfuotbal:	€ 48,50	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 35,00	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 62,00	it healjier
A- en B-junioren:	€ 38,50	it healjier
C-junioren:	€ 32,50	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 26,50	it healjier
F-pupillen:	€ 23,00	it healjier
foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid in koarting		

### **Tagong wedstriden earste âlvetal € 2,-**

Foar leden, sponsors en stipers is de tagong fergees.

### **Stipers**

Stipers fan € 12,- (of mear) yn it jier, krije "de Treffer" fergees. Wurdt "de Treffer" mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

### **Klup fan 50**

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynlochttings kinne jo skilje mei Popko Wijnia (till. 0515-332315).

### **Oanmelding nije leden:**

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan 'e jongereinkommisje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

**18 oktober 2002**


Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail, mar it mei ek op skiif .

E-mail adressen: [hof.hol@planet.nl](mailto:hof.hol@planet.nl); [meintewesselijs@hetnet.nl](mailto:meintewesselijs@hetnet.nl);

[klaaspompstra@hetnet.nl](mailto:klaaspompstra@hetnet.nl); [sjoerdvanbeem@hetnet.nl](mailto:sjoerdvanbeem@hetnet.nl);

[willemwijnia@planet.nl](mailto:willemwijnia@planet.nl); [Kuiper52@vinden.nl](mailto:Kuiper52@vinden.nl)





## Dam kombinaasjes

side 16



## Binnenkort: SDS op internet

side 24



## Doping yn it twadde?

side 48

## Ynhâldsopjefte

	side:
Redaksjepraat	4
Fan it bestjoer	4
Nijs fan en foar de jongerein	5
Het Marten Sijszeling Start toernooi	6
Wedstrijdverslagen SDS C1	9
Wedstrijdverslagen SDS E3	10
Wedstrijdverslag SDS C3	11
Van de Scheids	12
De jonges fan F1	14
Sibe de Seefûgel (39) De ideale kombinaasje	16
Oan it wurd /....Tjeerd Dijkstra	17
Ik mei net mear, ....ik moat ferplicht	20
Ald5praat	21
Ozzy speaks	22
Bekerpraat	23
Ledegearkomste	24
Voetbalclinic bij SC Heerenveen	25
Wat neist it fuotbal	26
Doelpuntenmakers Senioren	27
It ljocht op in sponsor	28
Kompetysje stannen	29
Doelpunten SDS	32
Wedstriidferslagen (D1; C3 en A1)	33
SDS 3 Hoera Hoera	36
SDS League	38
Stand SDS League	39
Trefferkes	43
Aginda	48

## Redaksjepraat



De jierlikse ledegearkomste sit der oan te kommen. Yn dizze Treffer fyne jimme de Aginda. Meastentiids rint it net stoarm op sa'n gearkomste en komme leden allinne mar

yn beweging as der bygelyks in útstel dien wurdt om de kontribúsje grof te ferheegjen.

Dit jier (4 novimber o.s) is dat net nedich. Tiidens dizze gearkomste (nei it skoft) wurdt ús nije website presintearre troch Wouter Jorritsma, dy't derby gebrûk makket fan moderne helpmiddels.

It is dus tige de muoite wurdich om te kommen. Yn it foarste plak nimt de Treffer redaksje mei Webmaster Willem Wijnia (www) it behear foar har rekken. Wouter hat underwilens yn oerliz mei de redaksje de ynfrastruktuer makke en tusken no en 4 novimber sil de redaksje de side fierder fan ynfoarmaasje en foto's foarsjen.

Jimme hoeche der lykwols net oeryn te sitten dat op ôfstân it meast frysktaliche klupblêd fan Fryslân der mei ferdwyne sil. In protte lêsnocht tawinske

---

## Fan it Bestjoer



Na het vertrek van Tinus Hoekstra uit het bestuur van SDS heb ik het beheer over de materialen overgenomen. Nu het voetbalseizoen

2002 -2003 weer is begonnen en er een aantal nieuwe leiders en trainers zijn aangesteld blijkt dat dit bij de meesten niet bekend is.

Ik wil dan ook graag uitleggen wat dit inhoudt.

Samen met Andries Stuiver houd ik bij welke materialen vervangen en aangeschaft moeten worden zoals sleutels, ballen, shirts, broeken, netten, waterzakken, bidons enz..

Wanneer een leider of trainer van een team ontdekt dat er bepaalde materialen ontbreken of vervangen moeten worden kunnen zij contact met mij opnemen.

Wij zullen de ontbrekende materialen zo spoedig mogelijk aanvullen uit de voorraad of indien nodig nieuwe bestellen. Om een scherpe prijs te kunnen bedingen bij de leverancier is het aan te bevelen dat leiders en trainers **tijdig** inventariseren wat er ontbreekt of vervangen moet worden.

Momenteel zijn er een aantal jeugdteams die geen sponsor meer hebben en dus ook niet meer een shirt hebben. Om te voorkomen dat de spelers dan in verschillende shirts gaan voetballen heeft het bestuur besloten dat zij zelf een shirt moeten aanschaffen. Dit moet dan een wit shirt zijn met lange mouwen, een zwarte kraag en zwarte manchetten. Deze zijn te verkrijgen bij

Janssen Sport, Gedempte Pol 2 te Sneek.. Wanneer bij aankoop de naam SDS wordt genoemd weten zij wel welke shirts dit moeten zijn.

Willem Twijnstra.  
Telefoon 0515-333570.  
E-mail: w.twijnstra@hccnet.nl.



# Nijs fan en foar de jongerein

## Aanmeldingen nieuwe leden

Onze ervaring leert dat er zo rond de start van de competitie een aantal nieuwe leden (veelal F-pupillen) zich bij onze club aanmelden. Een enkeling kunnen we nog wel eens plaatsen in een bestaand team. We hanteren daarbij het principe: "wie het eerst komt, die het eerst maalt". We houden echter ook altijd een groep over die we even in de wachtkamer moeten plaatsen.

In de praktijk betekent dit dat deze spelers wel meetrainen, en meedoen aan onderlinge tournooitjes, en pas na de winterstop in competitieverband uitkomen.

De jeugdcommissie gaat niet eigenhandig spelers toewijzen aan teams, maar doet alles in overleg met leiders en trainers.

### **Een oproep aan de trainers:**

Het is erg belangrijk dat een nieuw lid (ook al traint hij alleen maar) **eerst een aanmeldingsformulier invult.**

Zo houdt de jeugdcommissie overzicht en kunnen we deze aspirant-spelers ook op de hoogte houden van het reilen en zeilen binnen de club.

Aanmeldingsformulieren kunnen maar op één adres worden ingeleverd, te weten:

Koos Plantinga, Singel 24 in Easterein.  
Voor nadere informatie kun je hem bellen (tel. 0515-332448)

---

## Forse ledengroei

Waar we eind augustus nog maar zes spelers hadden voor ons F3 team, zijn er nu zo rond de twintig. Trainer André Vink heeft inmiddels assistentie gekregen, zodat de groep wel op dezelfde tijd traint, maar in twee groepen is opgesplitst.

Na de winterstop zullen we de F-pupillen (vanaf F3) opnieuw gaan indelen en meerdere teams in competitieverband laten uitkomen..

---

## Vacatures

Zowel voor de A-junioren als de B-junioren zoeken we nog vrijwilligers ter assistentie van de begeleiding. Heb je interesse laat de de jeugdcommissie dan weten of neem rechtstreeks contact op met Robert Hoekstra (A1) of Harm Abma (B1).

## Het Marten Sijzeling Starttoernooi

Traditioneel voor de aanvang van de competitie hebben (dit jaar op 31 augustus) onze E- en F-pupillen in een onderling toernooi deelgenomen aan het Marten Sijzeling Starttoernooi.

Hoewel we enige concurrentie hadden van de zwem- en kaatsport was de opkomst goed. 's Ochtend s speelden de E-pupillen. Zij waren ingedeeld in vier teams (Real Madrid, Barcelona, Juventus en Liverpool). De organisatie had een aantal deskundigen geraadpleegd om de teams even sterk in te delen.

Op papier even sterk dus, maar in de praktijk pakte het iets anders uit en bleek het team van Real Madrid een maatje te groot. Real Madrid (spelers: Sicco Scheltema, Marcus Brinksma, Kristian Gaastra, Tjeerd de Vries, Martin Rienstra en Feiko Scheepvaart), wist alle wedstrijden met ruime cijfers te winnen.

Hieronder een foto van de winnaars met hun gelegenheidscoach: Atty Scheltema.



's Middags was het de beurt aan de F-pupillen. De F-pupillen waren ingedeeld in vijf teams van 4 of 5 spelers die op een kwart voetbalveld met kleine goaltjes (zonder keeper) tegen elkaar speelden. De deelnemende teams: Argentinië, Nederland, Brazilië, Zuid Korea en Engeland kwamen allemaal één keer tegen elkaar uit.


Brazilië met haar sterspeler, de enige echte Braziliaan Jos Houtsma (zie foto), kon haar favorietenrol niet waarmaken en eindigde op een tweede plaats achter de eeuwige concurrent Argentinië, Argentinië wist alle wedstrijden te winnen.



De kampioen staat hieronder afgebeeld en bestaat uit de spelers: Jurre Schuitemaker, Jesse Vallinga, Wietse Fopma en Pieter Wesselius. Op de foto ontbreekt coach Klaske Wesselius.

Omdat Jurre nog ander verplichtingen had is de foto al genomen op het moment dat de laatste wedstrijden nog gespeeld moesten worden. Op dat moment had Argentinië de titel al in de pocket. Omdat de medailles toen nog niet waren uitgereikt konden deze op de foto nog niet worden getoond.

*(sommige spelertjes hadden wat moeite met de hurkzit)*



Alle deelnemers kregen een fraaie herinneringsmedaille, beschikbaar gesteld door **schoonmaakbedrijf Marten Sijszeling**.

Vanaf deze plek wil de organisatie de sponsor, de scheidsrechters (Pieter Hein de Boer en Jan Strikwerda) en de coaches (Atty Scheltema, Annette Kooistra, André Vink, Geert Couperus, Liesbeth Bruinsma, Cornelis Kappe, Anne Hallema, Jan Stapersma en Klaske Wesselius) nog hartelijk bedanken voor hun bijdrage.



## **Trainingen C3**

Zowel de C1 als de C2 junioren trainen tweemaal per week. Voor C3 hebben we dit helaas niet kunnen realiseren. Om C3-spelers die graag twee keer per week willen trainen hiertoe toch in de gelegenheid te stellen, hebben we de spelers volgens onderstaand schema ingedeeld bij de trainingen van C1 en C2:

### Met C1 op dinsdag van 18:00-19:00 uur

Gert Jan Rienstra  
Vincent Wiersma  
Ane Beuckens

### Met C2 op dinsdag van 19:15-20:15 uur

Jeroen Luiten  
Ybe Reitsma  
Ids de Boer

### Met C1 donderdag van 19:00-20:00 uur

Eeltje Postma  
Bram Strubbe  
Sytze Kooistra

### Met C2 donderdag van 18:00-19:00 uur

Andries Lanting  
Jelmer de Boer  
Martijn Rispens  
Meile Kuiper

---

# **As jo alles witte wolle oer SDS A1???**

## **Surf dan nei: [www.cu2.nl/sdsa1](http://www.cu2.nl/sdsa1)**

**ASBEST**

[www.veenstra-bv.nl](http://www.veenstra-bv.nl)

**ASBEST**

**Veenstra Milieutechniek Easterein**

## Wedstrijdverslagen SDS C1

### *LSC C1- SDS C1 (beker)*

Vrijdag 23 augustus '02 hadden wij een bekerwedstrijd tegen LSC C1.

Toen de wedstrijd was begonnen stonden we na ongeveer een kwartier op een 1-0 voorsprong door een kopbal van Jelmer. Vlak daarna scoorden LSC vier keer achterelkaar. Nog net voor de rust werd er gescoord door Ralph en ook nog door Melcolm. We gingen met een achterstand van 4-3 de rust in. Toen we het veld weer ingingen scoorde LSC na een lange tijd 5-3 en kort daarna ook nog 6-3. Net voor het einde van de wedstrijd scoorde Redmer nog een doelpunt.

De wedstrijd eindigde in 6-4 voor LSC.

Bauke Dijkstra

---

### *SDS C1- Scharnegoutum C1 (beker)*

Op dinsdag 27 augustus speelden wij onze tweede bekerwedstrijd tegen Scharnegoutum C1. De wedstrijd werd gefloten door onze vaste scheidsrechter Keimpe Meijer. In de eerste helft scoorde Jelmer (4 doelpunten), Ralph (2 doelpunten) en Redmer (1 doelpunt). Door een misverstand tussen Korné en Stefan kwam scharnegoutum ook 1 maal tot scoren. De ruststand was 7-1.

In de tweede helft scoorde Jelmer weer 5 doelpunten, hij kwam daarmee op een totaal van 9 doelpunten. Ralph scoorde zijn 3<sup>e</sup> doelpunt en Douwe scoorde met een prachtige stiftbal zijn eerste goal (nadat hij eerst veel ballen over had geschoten!). Als laatste scoorde Sietze, onze invaller. De eindstand was volgens ons 15-1, maar de scheidsrechter dacht daar anders over (volgens zijn telling was het 14-1).

Korné Boekholt

### *Lemmer Bentex C1- SDS C1 (beker)*

We trapt af. Na enkele minuten was het al 1-0 voor SDS. De bal werd in het net gelegd door Jelmer. Enkele minuten later was het al gauw 5-0. Lemmer Bentex was nergens, het waren allemaal kleie jonge 1<sup>e</sup> jaars. In de rust stond het 7-0 en Tjeerd legde de tactiek op een schoolbord nog eens uit. (we moesten elkaar goed coachen). Jaap had besproken dat Lemmer wel hun wissels in mocht zetten, omdat het voor Lemmer te moeilijk was. Lemmer had nu 12 spelers.

De 2<sup>e</sup> helft begon. Tjeerd had Andrew op rechtsback gezet en Steffen voorstopper. Al snel stond het 8-0. Daarna scoorden we niet snel meer. Malcolm had nog een schot op de paal en Redmer kopte net over. Ralph scoorde aan het eind nog een schitterend doelpunt. De eindstand was 11-0.

Doelpuntenmakers: Jelmer 6; Ralph 2; Bernardus 1; Redmer 1; Coen 1.

Andrew Feijten

---

### *FVC C1- SDS C1 7-9-02*

FVC trapt af, SDS zit er meteen boven op. Na een lange tijd voetbal scoort FVC. Dit komt doordat de bal over de verdediging heen stuitert. Want FVC heeft voor de win. De ruststand is 1-0 voor FVC.

Tjeerd heeft nog veel vertrouwen in ons, hij denkt namelijk dat het nog wel 6-1 kan worden voor SDS.

De 2<sup>e</sup> helft is begonnen SDS begint zeer sterk. Na nog geen 5 minuten voetballen scoort Jelmer, nu komt SDS op gang, de doelpunten vallen nu zeer snel.

SDS wint de eerste competitie wedstrijd met 6-1.

Doelpuntenmakers: Redmer 1; Ralph 1; Jelmer 2; Bernardus 2.

Malcolm Feijten

---

### ***SDS C1 – Leeuwarder Zwaluwen C1***

Op zaterdag 14 september hadden we een voetbal wedstrijd. We speelden thuis tegen Leeuwarder Zwaluwen. We moesten om half negen in de box zijn een beetje vroeg maar dat maakt niet uit. Toen we moesten beginnen deden we voor de wedstrijd eerst nog een warming-up zodat onze spiertjes niet te verrekken. De eerste helft: De Leeuwarder zwaluwen begonnen met de aftrap.

Er werd goed gevoetbald, maar de Leeuwarder Zwaluwen maakten na ongeveer een kwartier de 0-1. We schrokken wel een beetje. Maar we zetten door en vlak voor het einde van de eerste helft scoorde Jelmer Posthumus en dus stond het 1-1.

De tweede helft: gelijk in de eerste 10 minuten scoorde Jelmer de 2-1, en toen kregen we een idee dat we als iets gewonnen hadden Maar dat was dus niet zo, want de Leeuwarder Zwaluwen begonnen sterk te voetballen. De verdediging moest hard werken. Vlak voor tijd scoorde Redmer Strikwerda nog wel de 3-1. Dus het was een geslaagde wedstrijd

Stefan van der Weg

---

## **Wedstrijdverslagen SDS E3**

### ***TOP'63 E2 - SDS E3: 1-7***

Het voetbalseizoen is weer begonnen, dus ook voor E3 van SDS. Onze eerste wedstrijd moesten we uit tegen TOP'63 uit Toppentwel. Dat we er zin in hadden bleek al gauw in het veld. Nadat beide partijen elkaar een beetje kenden, kreeg SDS steeds meer veldoverwicht. Al gauw mochten we een corner nemen, die door Stefan genomen werd. Met een prachtig effect schoot Stefan een draaibal in de richting van het goal van TOP. De keeper kon hem nog even aanraken, maar de bal was wel mooi raak, 0-1 dus.

Even later kon Jiryan zich mooi vrij spelen en schoot de volgende in, 0-2. Al voor de rust maakte Stefan zijn hatrick vol: hij schoot er nog twee in, toen stond het al 0-4!! Vlak voor rust was SDS even te gemakkelijk, waardoor TOP iets terug kon doen. Zodoende gingen met 1-4 naar de limonade-thee.

Na rust zal Jiryan wel gedacht hebben: wat Stefan kan, kan ik ook en schoot toen 1-5 en 1-6 erin, hij had nu ook in totaal drie doelpunten gemaakt. Op het laatst knalde Marcus ook nog een bal tegen het net van het TOP doel; 1-7, en dat was ook de eindstand.

Natuurlijk is winnen leuk, maar deze wedstrijd was vooral goed van SDS door de goede combinaties. Het middenveld met Martin en Remon werkten goed en ook de achterhoede met Harmen, Bart en Feiko lieten zich niet in de luren leggen.

Jouke stoorde onzettend goed, vooral zijn slidingen waren belangrijk, want daardoor konden we vaak weer een aanval opzetten.

De eerste helft keepste Tseard, in de tweede Harmen. Aan de stand kun je wel zien dat de keepers niet echt veel te doen hadden.

### **SDS E3 - IJVC E2: 5-4**

Na de grote overwinning van vorige week hadden we er weer zin in en kregen we IJVC E2 op bezoek. Al gauw bleek dat dit een heel andere wedstrijd was dan tegen TOP, toch wisten we met 2-0 voor te komen. Eerst scoorde Marcus, even later Stefan. Door een mazzeltje wist IJVC te scoren, 2-1.

Toen een blunder van de leider: hij dacht dan een van de spelers een blessure had en wisselde, net toen IJVC in de aanval was. Ze konden toen vrij naar ons goal, 2-2. Nu werd het echt spannen. Eerst wist Remon de IJVC-keeper te passeren, 3-2. Hierna was IJVC weer aan de beurt en wist gelijk te maken, 3-3.

Dat het spannend was, was wel aan het publiek te merken, dat leefde behoorlijk mee. Stefan kreeg hierdoor vleugels en wist met een harde en droge knal te scoren, 4-3. Dat IJVC toch wel sterke voetballers had bleek wel, ze wisten ook weer te scoren en daarmee kwam de

stand op 4-4. Net toen we dachten dat dit de eindstand zou worden, had Marcus nog een verrassing; net als vorige week was hij de laatste doelpuntenmaker, hij maakte na een solootje het winnende doelpunt en werd daarmee de "man of the match". Eindstand 5-4.

Tegen TOP voetbalde E3 met mooie combinaties, deze keer werd de overwinning door hard werken behaald. Met name de keepers, eerst Tseard en later Remon, hebben veel ballen tegengehouden.

De leider heeft geleerd dat hij wat minder snel moet wisselen en wat meer op vaste plekken moet laten spelen.

SDS E3 en ONS Sneek E3 hebben nu beide 6 punten uit twee wedstrijden, maar omdat ONS een beter doelsaldo heeft, staan zij nu bovenaan en SDS op de twee plek. Zaterdag 21 september kan SDS daar iets aan doen.....

---

## **Wedstrijdverslag SDS C3**

### **7-9-02 SDS C3 - Sparta '59 4 - 3**

We begonnen goed. Na 10 minuten kwam ik voor een lege goal te staan en ik schopte hem erin.

Het was 1 - 0. Ongeveer 5 minuten later werd Sytze in het strafschopgebied van achteren geduwd

waardoor hij viel en we kregen een penalty. Sytze wilde hem zelf nemen en hij schoot hem erin. 2 - 0.

Daarna schoot Sytze hem er nog een keer in en stond het dus 3 - 0. Het was bijna rust, we moesten nog ongeveer 5 minuten, toen Jelmer mee naar voren

ging. Dat ging goed, want ook hij scoorde! Dus 4 - 0.

Toen kregen we een doelpunt tegen en was het 4 - 1.

Daarna was het rust.

Na de rust ging Sparta '59 beter voetballen en kregen daardoor meer kansen om te scoren. Het werd

4 - 2 en later ook nog 4 - 3. Het werd spannend, maar ze konden niet nog een keer scoren en het bleef

dus 4 - 3.

Ane Beuckens

## Van de scheids *(door Douwe D. Reitsma)*

### *Obstructie en blokkeren.*

Als je over de spelregels spreekt, de interpretatie, de toepassing en alles wat ermee te maken heeft, dan is het natuurlijk gewenst dat elke term die men gebruikt de lading dekt, die algemeen gekend en aanvaard wordt.

Als dat niet het geval is, ontstaan er misverstanden. Een voorbeeld van zo'n misverstand, liever begripsverwarring, is de sliding. De scheidsrechters weten meestal wel min of meer juiste omschrijving te geven. Andere betrokkenen (spelers en 'de bank') hebben er vaak geen idee van wat wel en niet toelaatbaar is. Veel overtredingen, waaronder zelfs gewelddadige, worden op één hoop gegooid en 'sliding' genoemd.

Een soortgelijke begripsverwarring doet zich voor bij obstructie en blokkeren, met name de laatste (blokkeren) wordt nogal eens verward met de eerste (obstructie)

Dat door elkaar halen van termen is nog tot daaraan toe, maar wat veel erger is, is dat de sanctie op blokkeren – dus vaak ten onrechte obstructie genoemd – nogal eens onjuist is. Beide overtredingen hebben gemeen dat het spelen van de bal niet de bedoeling is. Het wezenlijk verschil zit in het lichamenlijk contact. Bij obstructie is daar geen sprake van en in het geval van blokkeren is het juist de opzet.

Laten we beide vergrijpen eens onder de loep nemen.

Obstructie is niets anders dan 'hinderen van een tegenstander', waarbij geen lichamenlijk contact ontstaat en ook niet in de bedoeling ligt.



Vóór een tegenstander gaan lopen, waardoor deze vaart moet minderen en tussen de uitlopende bal(doellijn) en de aanstormende tegenstander door lopen. Het afhouden van een tegenstander, zijn een paar voorbeelden. De bal wordt de bal gelaten, maar er is geen lichamenlijk contact. Straf: een indirecte vrije schop.

De term 'actieve obstructie' voor bovenvermelde gevallen zal ieder duidelijk zijn. Passief is dan een term, als het hinderen absoluut ongewild gebeurt. Zo kan een vallende speler, zonder

dat te willen, een tegenstander hinderen. Uiteraard zal deze vorm van obstructie onbestraft moeten blijven. Als de indruk gewekt is dat actieve obstructie altijd met een indirecte vrije schop moet worden bestraft, dan nemen wij die indruk onmiddellijk weg door te wijzen op enige gevallen die geoorloofd zijn. Het is namelijk toegestaan een tegenstander te hinderen (te verhinderen bij de bal te komen) als men de bal over de lijn wil laten lopen of als men de eigen doelman de gelegenheid wil geven de bal op te pakken. In beide gevallen moet de bal voor de hinderende speler binnen speelbereik zijn. Een vorm van geoorloofde obstructie die voor de nodige irritatie kan zorgen en daarom alle aandacht van de scheidsrechter verdient, doet zich voor als een hoekschop een speler voor de doelman van de tegenstander gaat staan. Dat is niet verboden maar dat wordt anders zodra hij nadat de hoekschop genomen is, de doelman in diens bewegingen volgt, zonder oog voor de bal te hebben.

Zo mag een inwerperde speler geoorloofd gehinderd worden door een tegenstander die vlak voor hem gaat staan. Geen enkel bezwaar dus, als 't maar bij 'staan' blijft. Zodra de tegenstander zijn positie aanpast aan de bewegingen van de inwerper, kan er sprake zijn van strafbaar hinderen.

Hoe zit 't nu met blokkeren?

Zoals gezegd: ook hier is niet het spelen van de bal de bedoeling, maar wel het lichamelijk contact. Blokkeren is het bewust veroorzaken, het forceren van een botsing. Het is afsluiten van een doorgang door gebruik te maken van het lichaam. Door de aard van de overtreding (gebruik maken van het lichaam) treden gradaties op in de ernst van het vergrijp. In de mildste vorm is blokkeren altijd een directe vrije schop. Wanneer dit onbesuisd gebeurt, moet naast de spelstraf een persoonlijke straf volgen

(gele kaart). Het komt niet zelden voor dat een tegenstander zo ruw wordt opgevangen, dat er sprake is van een gewelddadige handeling. De scheidsrechter mag dan niet aarzelen om, naast de spelstraf, de blokkerende speler definitief van het speelveld te verwijderen.

Een typische voetbalterm is 'vluchten in de voordeelregel'. Het niet bestraffen van een overtreding onder het mom van voordeel geven, meestal met de bedoeling een zwaarwegende beslissing uit de weg te gaan. We kennen ook 'vluchten in obstructie', als er duidelijk sprake is van blokkeren. Hetzelfde doel wordt beoogd: moeilijke beslissingen vermijden. Men geeft liever een indirecte vrije schop in het strafschoopgebied dan een strafschoop. Het zal duidelijk zijn dat dit niet de 'oplossing' is.

---

## Wijziging spelregels:

Met ingang van heden zijn er een aantal spelregels aangepast/gewijzigd:

- Na blessure behandeling van een speler dient de speler eerst het veld te verlaten om vervolgens weer deel te mogen nemen aan het spel. Hij moet hiervoor op een signaal van de scheidsrechter wachten. In het betaalde voetbal was dit al nu geldt dit ook bij het amateur voetbal.
- Veel spelers laten zich vallen in en rondom het strafschoopgebied in de hoop een vrije schop mee te krijgen, de zogenaamde 'swalbe'. Een 'swalbe' is pas een swalbe wanneer er GEEN lichamelijk contact is geweest. Is hier sprake van dan moet de scheidsrechter een indirecte vrije

schop geven aan de tegenpartij en de betreffende speler een waarschuwing (gele kaart) geven.

- Een speler staat pas buitenspel wanneer er 'lucht' tussen de aanvaller en de op een na laatste verdediger is. Met andere woorden staat men zichtbaar naast elkaar of de aanvaller staat iets achter de verdediger maar er is geen zichtbare 'lucht' tussen de speler en de aanvaller dan is hier geen sprake van buitenspel.

Onlangs zijn deze regels nader onder de loep genomen en bovenstaande aanpassingen zijn per heden van toepassing.

## De jonges fan F1



### De jonges fan doe binne de fuotbal heiten fan no

Doe't ik foarich jier foar't earst wer nei't fuotbalfjild fan Easterein ried tocht ik 'dit is lang lyn.'

En earlik sein ik moast eefkes om'e tagong sykje. Yn myn bernejierren haw ik dêr in protte omslein. Safier myn oantinken geane sjoch ik twa grutte fuotbalfjilden, in klaaihok en de tagong earne oars.

Nammen dy't spontaan wei by my boppe kamen wiene: Rintsje Zijlstra, Harrie Joustra, Wytze Lanting, Jouke Hovenga mar ek master Strikwerda en Boersma.

Wy praten dan oer A1 likernôch 25 jier lyn.

Der is hiel wat feroare as jo de fjilden en de akkomodaasje sjogge, de hollen fan minsken dy't der doe jaertiids wiene ek.

De jonges fan doe binne de fuotbal heiten fan no, de ien yn funksje de oar as taskôger.

In smûke kantine mei altiten kofje as wat oars. Mannen mei moaie SDS jassen oan, in protte klaaiboksen en in prachtige gêrsmatte. De wei nei Easterein fanút Wommels is no ferljochte. Myn konklusje is: de tiid hat hjir ek net stil stien. Tot myn grutte fernuvering seach ik master Strikwerda ek wer op it fjild en jawol noch altyd like behindich en mei in fluitsje yn'e mûle, skiedsrjochter dus. Petsje ôf foar sokke sportminsk!

Miskien kin ik it mei ien sin gearfetsje: hjir stiet in pûkbêste organisaasje efter dizze klub.

Hawar, oer nei **de jonges fan F1**, 8 jier âld, it lytste is der wat ôf en der komt wat mear "lijn" yn it spul.

Wietse Fopma, Jos Houtsma, Christian Zijlstra, Michel Punter, Sybe Klaas Kappe, Richard Bergsma, Klaas Bouke Faber, Jan Friso Bruinsma en Joris de Jong, binne de njoggen spilers fan dizze ploech.

Der stiet foar mear as twa hûnderd kilo oan begelieders oan 'e line, Siepie Fopma en Chris Houtsma coache dizze ploech. Oan it begjin fan 't seizoen krije de mantsjes in programma. 'Tsjin wa moatte wy fuotbalje heit?', wie de fraach. 'Dat stiet allegearre op it skema jonge, sjoch sels mar.'

Dúdlik mei sjauffeurs, tiiden en alles derby. En sa is 't ek, hjir hat de kompjûter syn yntrede dien.

Skearnegoutum, Nijlân, Easterlittens, Langwar en LSC, binne gelokkich net al te fier fan hûs. De mannen hawwe al wat trainingen efter de rêch. 'It klútsje fuotbal wolle wy net mear sjen', wiene de wurden fan de coaches. Eltse spiler moat syn plakje fine en jo kinne sjen dat ek de natoer dêryn in rol spilet. Ik bedoel úteraard hoe't sa'n jonkje ynsteld is.

Oanfallend as ferdiedigjend, beskieden as pytsje de foarste, it is moai te sjen dat Siepie en Chris hjir in team fan meitsje. Richard, de langste fan 't spul, is de keeper, lit praktysk gjin bal sitte. "De muorre" Wietse en Michel, de midfjilders Klaas Bouke, Christian en Joris betsjinje de oanfallers Sybe Klaas, Jos en Jan Friso fan de moaiste ballen. Tsjin Skearnegoutum spile him alles sawat op 'e helte fan de tsjinstanner ôf, it waard 14 – 0 foar SDS. In moai begjin mar fansels gjin wedstriid.

Tsjin Nijlân wie't net folle oars, moai waar, optiid begjinne en in prachtige wedstriid foar ús jonges mei alwer in grutte útslach 10 – 0. Alle jonges hawwe sawat yn dizze twa wedstriiden skoort en dat jout in goed gefoel by dizze mantsjes. Klaas Bouke hie krekt nije fuotbalskuon kocht. A.P. van der Feer hie sein dat se goed wiene foar twa goals per wedstriid mar dat kaam net hielendal út. Alles moat wenne, ek nije skuon.

Tsjin Easterlittens wie't al safier, twa kear rekke, it gefoel is der Klaas Bouke!

Wat koene de mantsjes elkoar goed fine, moai te sjen dat sokke jonges no nei in jier fuotbalje mei elkoar dochs in team foarmje. (Bliid dat dit ploegje net útelkoar skuort is). Wer in moaie útslach tsjin ús gemeentegenoot. Mei 10 – 2 waard de wedstriid wûn. Neffens Jos wie it al aardich kâld op 21 septimber en die de wanten oan. Och ja, sokken sjogge jo mear en dat wiene ek goeie spitsen.

Nei ôfrin fan de wedstriid meie alle spilers, ynklusyf de keeper, noch in panel nimme. Dat is it "toetje" fan 'e wedstriid en foar de âlders altyd wer genietsje. De oanrin, de skop, it gesicht en it glimke nei heit as mem, dat is goud! Sybe Klaas en Wietse hiene in reade holle fan 'e waarmte, gelokkich is der dan de dûs, wer't songen en in potsje sinas dronken wurdt. Op nei de folgjende wedstriid.

No sneon, 29 septimber moat F1 nei Langwar, wenplak fan Jouke, jonge fan doe, fuotbalheit fan no, stiet hy ek oan 'e line? Wy sjogge der nei út.

Golle groetnis,

de heit fan Jan Friso



## Sibe de Seefûgel (39)



### De ideale kombinaasje

Sa't jim wol witte hâld ik wol fan fuotbal mar net fan it Nederlâns alvetal.

Dat is kommen troch dy van NachteGaal en it liket er op dat it kompleks sa djip sit dat ek de Zwarte Kip Advocaat dêr neat yn feroarje kin.

At er dan fuotbal op tillefysje is en al dy ûnnoazele guozzen, dy lepe ljippen en de pear skriezen dy't noch oer binne op Skrok, it fuotbal sjen wolle op sneontejûn 7 septimber dan moat ik myn heil earne oars sykje.

Ik sjoch miskien hieltyd minder, mar myn earen binne noch goed en sa hie ik al gau yn de smiezen dat er feest wie yn de Skoallestrjitte. Sittend yn de dakgoate fan Oebele de Boer syn hûs koe ik meigenietsje fan in damfeest. It wie in aardichheid om te sjen dat normale sûne mannen op in reinige sneontejûn, wylst er fuotbal foar de tillefysje is, harren dwaande hâlde mei damjen. Frysk en Hollânsk damjen.

It feest wie yn de tûn, nee ik kin better sizze: op de strjitte yn de de tûn fan Stoffel en Tine, op de echte strjitte en op de oare kant fan dy echte strjitte. No wit ik wol dat dy Stoffel in echte jaaier is (nee gjin rokkejaaier) en jim sille wol begripe dat dat sokke figuren myn favoryt net binne mar omdat Tine sa no en dan de fûgels wat bôle bringt op Skrok sûnder dat Stoffel it wit, fiede ik my dochs wol ferplichte it feest by te wenjen.

Mar hawar, ik seach yn it bysûnder nei twa net spannende damwedstriden fan Teake Kooistra tsjin Taeke Kooistra en beide wûnen in kear it spul wat harren it beste leit.

Nei dizze wedstriid, dy't ademleas folge waard (fansels wol mei in bierke yn de hân) troch al dy sûne mannen en froulju. Moai allegear, mar it waard noch leuker. De Hollânske Teake of Taeke wist bepaalde slaggen út de holle wêrmei hyris in party útmakke hie. De Fryske Teake of Taeke koe mei syn sekondanten de "Tysma slach"? neispylje en liet de ademleaze taskôgers (mei al wer in nij bierke) genietsje.

Se lieten noch in oantal prachtige kombinaasjes sjen, wêr't ik as damleek neat fan begreep mar wat wol sensasjonel oer kaam.

Doe't ik moai op tiid nei hûs fleach, de ljochten wiene al út by de famylje de Boer, tocht ik oan it fuotbal. Wat kinne dy SDS-ers harren noch weromhelje fan bepaalde prachtige kombinaasjes dy't resultearren yn in doelpunt.

Kin der yn de kantine ek ris sa'n jûn halden wurde weryn de prachtige aksjes nochris op it boerd úttekene wurde, sadat oaren sizze: "ja, ja dêr wie ik by, dat wie geweldig, dat wit ik noch wol".

Of hawwe se it by SDS allinne mar oer: de kopbal fan Jappie, it hakkie fan Jelle, de frije traap fan Klaas, it útrinnen fan Jaap, it ynsjoch fan Wouter, de snelheid fan Dennis, de mop fan Hindrik, de kondysje fan Floris, de skynbeweging fan Rients Smit, de ljisk fan Gert-Jan, de ynset fan Gerrit, de technyk fan Willem, it inkel fan Siemen, de ûnsin fan Sibe, de eigen doelpunten fan net mei namme neamde fuotballers en de toarst fan in hiele protte.

## Oan it wurd.....

Tjeerd Dijkstra



*Om Tjeerd Dijkstra oan it wurd te litten, is it wol nedich op tiid in ôfspraak mei him te meitsjen.*

*Yn de oerrin fan it keatsseizoen nei it fuotbalseizoen is dat hielendal net*

*maklik. Want Tjeerd is in sportman yn ieren en sinnen en syn belutsenens by de keatsferiening Easterein en de fuotbalferiening SDS is tige grut.*

*Op de thûsbasis fan beide ferienings, de kantine op de Skoalleseize, fûnen wy nei de wedstriid fan it tredde (SDS 3-Leeuwarden 2 einstân 3-2) efkes in gelegenheid om by te praten.*

*Oanlieding foar dit petear is dochs wol it feit dat "mister SDS 2" werom gien is nei SDS 3.*

### **Tjeerd, wiesto mister SDS 2?**

Och, at men dat seit, dan sil dat wol sa wêze. Ik fiel it ek wol in bytsje sa. Ik haw de lêste tsien jier fuotballe yn SDS 2, en dat is fansels in hiele hoart.

### **Do bist no 39 dus hast ek noch yn oare alvetallen fuotballe?**

Ja, fanút de A-s kaam ik by it earste. Dat hat net hiel lang duorre, want it wie wol dúdlik dat wannear ik by it earste bliuwe woe, ik der in protte foar dwaan moast. Trochdat ik in swiere stúdzje dwaan soe, haw ik it fuotbal dochs wol wat op it twadde plan setten.

Fan myn 24 ste oant myn 29 kaam ik dochs werom yn it earste en dat wiene prima jierren, want wy promovearden 2 kear en waarden in kear kampioen.

### **Wiest yn SDS 1 ek de lieder sa asto dy by SDS 2 altiten west hat.**

Nee, dat lei oars. Ik bin wol in lieder út mysels, mar dat dwinge je ek ôf troch je gedrach en it spyljen. By SDS 1 koe ik my minder dwaande hâlde mei oaren. Ik hie genôch oan my sels. Der wiene yn SDS 1 oare spilers dy't ek liederskwaliteiten hiene en fuotbaltechnysk en -taktysk mear te bringen hiene as my.

### **Fuotbalje yn SDS 2 is dat wol leuk mei ôfbouwende spilers, jeugdige talinten dy't noch rypje moatte en teloarstelde spilers, dy't it mooglik krekt net rêde sille om de stap nei it earste te meitsjen.**

Ik haw dat nea as steurend erfaren. Ik tink ek wol dat ik dêr wol wat trochhinne sjen kin. Boppedat leit er dan ek wer in taak foar my om dêr posityf mei om te gean.

### **Hiesto dêr in wichtige rol yn?**

Yn feite net. De lieder fan it twadde, dy is tige wichtich. Dêr haw ik altiten in soad respekt foar. Dy lieder kin soms sels net de keuzes meitsje dy't hy it beste fynt. Hy moat rekken hâlde mei spylminuten fan bepaalde spilers dy't by it earste temin oan spyljen takomme. Ik ha it wol altiten as in útdaging sjoen dêr in stien oan by te dragen om dat meielkoar op te fangen

### **Wannear en hoe is it allegear begûn as boeresoan krekt bûten Wommels.**

De skoalle spile dêryn in wichtige rol. Mei de iepenbieren tsjin de kristliken wie in fêste tradysje. En thús wie ik altiten oan it fuotbaljen op it hiem. It hat hiel wat kowerútsjes koste.

Ik wie gek fan it spultsje en myn heit waard gek fan my.

### ***Hoe sa?***

Omdat ik altiten oan it skoppen wie op it hiem wat hy mar neat fûn en omdat ik yn é hûs altiten it fuotbaljen op tillefysje sjen woe. Op lêst hie der syn nocht sa fan dat fuotbaljen dat er der in twadde tillefysje bykocht sadat ik it fuotbal sjen koe en hy syn favorite natoerfilms.

### ***Wannear kaamst by SDS?***

Ik bin begûn yn de C's. Ik spile doe ek altiten lêste man. Ek yn de B's en de A's wie dat sa. Allinne yn it earste haw ik rjochtsefter west, letter altiten wer lêste man.

At de stelling opgiet dat de doelman fan nature in luie spiler is (jildt net foar elkenien!!) dan is de lêste man dan de ien nei luiste spiler.

Ik kin net sizze dat ik lui bin, mar troch dat ik it spultsje goed sjoch, besykje ik wol altiten sa min mooglik te rinnen. Goed opstelle dat skeelt in protte gerin om neat.

Ik bin altiten reedlik trou op training west mar om te sizzen dat ik in trainingsbeest bin, dan sis ik nee. It wie ek wolris in moreel moatten.

### ***Neist dyn kuensten op it fjild hast ek noch in protte oaren dingen dien binne de klup. Werom?***

Dat hat wer mei myn karakter te meitsjen. Ik bin wol wat in opbouwer. Net allinne yn it fjild mar ek dêr bûten. Ik haw altiten wol ideeën hoe't je bepaalde dingen oanpakke kinne, ik sis dat ek en dan wurde je faak frege. En haw dan ek mei nocht yn it bestjoer sitten, fiede my as in fisk yn it wetter as foarsitter fan it jeugdbestjoer en in jeugdpluch liede fyn ik hiel leuk.

### ***Dus aansens ek nochris trainerspapieren helje?***

Nee, absolut net. Ik bin haw gjin ambysje om trainer te wêzen, ûndanks it feit dat ik dat miskien wol kin. Ik soe dêryn gjin foldwaaning sykje.

### ***Hast noch ambysjes binne SDS?***

Ja, ik haw dan wol in stapke werom dien, troch nei it tredde te gean, mar ik wol noch wol graach in oantal jierren lekker fuotbalje. En no mei Wouter en Sipke yn it tredde fielt it hiel goed oan, ûndanks dat wy al op "leeftyd" binne. Fierders hoopje ik ek noch lekker genietsje te kinnen fan ús jonges Bauke en Jelte Piter dy't yn de C-s en de D-fuotbalje.

### ***Hawwe se fan harren heit wat it fuotbaljen oangiet.***

Jelte Piter seker. Hy fuotballet ek as lêste man en hat in protte fan my. Posityf en altiten yn in liederrol.

Bauke is in oare fuotballer, hoewol hy no as lêste man fuotballet (Op dat stuit rint Bauke yn syn nije "van Nistelrooy sjurt" foar de rûten lans en laket fol grutskens nei syn heit)

### ***Sjochst ek oars tsjin it fuotbaljen oan as jierren lyn, of miskien moat ik wol frege is it fuotbaljen ek oars wurden.***

Ik fyn yn alle gefallen net dat it hurder wurden is. Echt oars ek net. Of it soe de snelheid wêze moatte. It giet wol allegear folle flugger. En it opkommen fan efterút dat is ek oars.

### ***Dyn bestjoersfunksjes lizze op dit stuit wat mear by it keatsen as it fuotbaljen. Hat dat mei dyn Wommelser eftergrûn te meitsjen.***

Dat hat mei mysels te meitsjen, ik fyn keatsen in prachtige sport. It hat mei ús bern te meitsjen.

Sy kinne aardich keatse en hawwe der ek in protte nocht oan. At se kieze moasten tusken fuotbal en keatse dan koe it wolris keatsen wurde.

Miskien hat it ek te meitsjen dat er by de keatsklup hiel wat op te bouwen wie en dat soks my oansprekt.

By SDS stiet it mear op de rails en giet it sa liket it wol wat mear op de automatyske piloat.

Foar my sit er dan mear útdaging yn in klup dy't opboud wurde moat. En no mei al dy aktive leden slagget dat ek aardich.

### ***Do hast it lêste wurd !***

Frijwilligers dêr sille de klups de kommende jierren noch mear op bouwe moatte. Elkenien moat syn ferantwurdlikens nimme. Dat hoecht net in bestjoersfunksje te wêzen mar wol wat oars. Elkenien kin wol wat. Binne de keatsferiening wolle wy ek dat er gjin sliepende leden binne mar aktive leden. By SDS is dat net oars.

At elkenien in lyts stikje docht foar in bepaalde periode wurdt in foar oaren wer lichter.

### ***Foardat Tjeerd syn favorite SDS stjerrenploech trochjout noch in pear aardige útspraken:***

- It sosjale aspekt binne in klup is fan tige wichtich.
- Ik bin wol polityk maatskiplik belutsen by dingen mar haw gjin tiid om my dêr ek aktyf foar yn te setten
- In bestjoersfunksje yn in gruttere organisaasje (keatbûn, fuotbalbûn) is by my wol besprekber
- Respekt moat je ek ôfdwinge troch prestaasje yn it fjild
- De feriening bepaalt yn hokker alvetal je fuotbalje.

De SDS super elf fan Tjeerd Dijkstra krij ik in pear oeren nei it petear. Hy hat er goed oernei tocht, sa as hy dat altiten docht. In ploech mei in oantal tiidgenoaten fan Tjeerd syn topjierren yn it earste mar ek jonges fan no. Ja sels ien foar de takomst.

*Egbert Bootsma*

*Floris Hiemstra*

*Gerrit Terpstra*

*Wouter Hylkema*

*Tsjeard Halbersma*

*Klaas Okkema*

*Gert-Jan Hiemstra*

*Wim Bakker*

*Henk Walda*

*Jappie Wijnia*

*Robert Sybesma*

Reserves: Marco Reynhoudt, Klaas Visser en Jaap Jaarsma  
Trainers: Henk Buning, Klaas Dijkstra en Hielke de Vries  
Lieder: De SDS frijwilliger (mei in namme doch ik oaren tekoart)

(AH)

## Ik mei net mear,.....ik moat ferplicht

Is is sa stadichoan in frjemd wrâldsje mei al dy ferplichtingen. Neat mei mear, oeral regeltsjes fan wat wol mei mar noch mear wat net mei. It frije libben fan eartiids (doe mocht men, no moat men) komt net mear werom. It wurdt allegearre mar oplein. Ik neam mar al dy ferkearsbuorden, want hjir mei men net parkeare, hjir moat it, 120 op in dyk wylst mines wol 200 wol. Nea mear lekker skeure, want it binne hobbels, kronkels en rotondes en ik skamje my hast dat ik yn Littenseradiel wenje want dy gemeente belâne yn twa wike yn ien kear yn de top trije fan waardeleaze gemeenten. Al dy moaie 80 kilometerdiken wurde 60 en yn de doarpen mei men noch mar 30 en dan dy moaie fersmellings. Noch efkes en de tolhúskes komme werom. Efter it buro kinne hja it moai fertelle mar hear de mannen en froulju fan de praktyk ris. Mar ja, wy hawwe der net foar leard, wy betelje wol want wat kostet soks wol net. Sneon dochs mar efkes nei it earste nei in oerke omriden, want alles wie hast ôfsletten en nei de tiid noch efkes ferplicht nei de kantine foar de sosjale kontakten en dêr belâne ik tusken trije frijgesellen en ja hear, it gie oer ferplichtingen.

Om it mei dizze mannen pratende te hâlden wie myn earste en lêste fraach: *“hoe stiet it mei de ferkearing?”*

Gjin antwurd want hja legen earst de fleskes troch harren kiel en seagen my mar frjemd oan.

*“Raar praat net jong, helje earst noch mar ien (ik hie krekt ien jûn) , dan kinst dyn mûle spiele”*

*“Wy wolle net, want dat binne allegear ferplichtingen. Der is net ien dy't mei de daairoller op ús stiet te wachtsjen. Gjin do moast dit en dit dwaan en do meist net dit ensf. It ienichste wat by my moat is goudfischen en gupkes skjin wetter en fretten jaan.”*

Doe begûnen hja my fragen te stellen. Hoe let moast thúskomme? Dat wist elk wol want elke sneon moat ik 6 oere thúskwêze, want dan stiet de brús oan en as ik telet bin dan mei ik net earder wer as woansdei en oant dy dei moat ik dan op it útfanhúzersbêd sliepe.

*“Meist noch wol ris?”* (sy soene ris witte moatte dat ik der ien kear per dei opskuord wurdt).

*“Acht, tolve en seis oere ite seker?”*  
*“Krigest de ôfstâns bestjinning fan de tillefysje wol ris?”*

*“Hoe sit it mei de bússinten?”*

*“Hâldt mar op,”* sei ik, *“want ik tink der sterk oer om by jimme oan te slúten op fraach twa nei.”*

Doe frege ik ien werom as hy noch net fuort wie nei SC Heerenveen want hy hie dochs in seizoenkaart? *“Dy haw ik fuort jûn!”*

Ik wie ferbjustere troch sa'n antwurd en ha wer in rûntsje helle. Dit kin dochs net wier wêze, 5000 man op de wachtlist en hy wol net mear en hy is in man mei in Heerenveen hert.

Hy woe net mear ferplichte wêze en de oare twa knikten en koene harren dêr wol yn fine. Ik ha mar net sein dat ik in Cambuur seizoenkaart nommen hie want soks skreaut oan de seefûgels.

Ik wie bliid dat it krapoan seis oere wie.

Bolke

# ald5praat

## SDS 5 – Rijperkerk 3 7-1

Marco Hoekstra, Peter Kusters en Anco Elgersma soargen der foar dat SDS 5 dizze middei genôch spilers hie. Tsjin in ûnbekinde tsjinstanner wie it dochs ôfwachtsjen. By de thee wie it al 4-0 troch in oantal goeie oanfallen. Folkert Rients Vellinga, Eddy de Boer en Siemen Kingma (2x) skoorden.

Nei de thee sakke it nivo hiel hurd. Net allinne by SDS mar foaral by de doelman fan Ryptsjerk. Hy waard hieltyd mâlder en breinroer. In flinke trapende beweging nei Anco Elgersma kaam him op read te stean. Der waard noch wol 3 kear skoord troch SDS en 1 x troch Ryptsjerk. Doelpunten-makker Siemen 2 en Folkert Rients 1.

De striid om it heechste plak yn de topskoorderlist is begûn. Der wurdt oars neardere mear oer praten. Aant hat besletten dêr net oan mei te dwaan. As bewiis dêrfan skeat hy de strafskop neist.

## Lions 3 – SDS 5 6-2

Tsjin in goeie tsjinstanner en mei in net foltallige SDS5 seleskje siet er net mear yn as in 6-2 nederlaach. It wie moai dat Gerard Posthumus en Gerlof Jan Hofstra fan A-1 meidiene, lykas Rene Velzen, want oars hiene der echt te min west.

Siemon Kingma waard út de wedstriid trape en sit foarloepich wer oan de kant mei skuorde inkelbannen.

Gerard Posthumus en Roel Sijbesma skoorden.

## SDS 5 – Rood Geel 4 8-1

De minne útslach fan ferline wike moast fuortwurke wurde. Lieder Ids Boersma hie de Europeeske wedstriden sjoen en hie fêsteld dat de Europeeske topfloegen

hieltyd mear mei 4-2-2 spylje en suksesfol binne.

10 minuten foar de wedstriid krigen wy ek te hearen dat SDS5 sa ek spylje soe dizze middei. Want der moasten punten komme. Dus Ids mei de punt nei efteren en Roel mei de punt nei foaren. Dat SDS 5 sa maklik oerskealje kin nei sa taktyske yngreep die bliken. SDS begûn fûleindich en dat resultearre yn goeie kansen. Efter wie Ype Burggraaff op rjochts in iepenbiering en op lofts die Rienk Wiersma dêr foar ûnder. It sintrum mei Jacob Plantinga en Klaas Molenmaker stie prima te fuotbaljen en dan hawwe de middenfjilders it makliker om de foarhoede oan it wurk te setten.

Sy diene foar wat se dwaan moasten. Skore. Jan Keuning, Ype Tiemersma. Eddy de Boer en Ype Burggraaff wiene foar de thee de skutters.

Nei de thee mochten Jacob Plantinga, Eddy de Boer, Jelle de Boer en Aant Hofstra in doelpunt byskriuwe.

## Ype Burggraaff of Klaas Molenmaker

Ype spilet al sa'n 20 jier by SDS en altiten yn it sintrum fan de ferdigening.

Ek Klaas Molenmaker hat foarkar foar dat plakje. Foarhinne spilen se dêr wol te gearre mar om reden fan snelheid is dat net mear de beste kar.

Derom moast Klaas wolris útwike nei rjochtsefter. Op sneon 21 septimber stie Klaas yn it sintrum en moast Ype foar de earste kear yn syn karriere nei rjochtsefter. "In ferademing, in iepenbiering", sei Ype nei ofrin. Sa sjogge je mar wer, ek foar Ype binne der wol oare plakjes as foarstopper. Hy komt er allinne wat let efter.

(AH)

# Ozzy speaks

## SDS 4

It begjin is hieltiid dreech. Sa ek de earste wedstriid fan us 4e. Nei wat drege trainingen fan in pear (ja mear wiene der net) gie it oan. (krekt as Kroes ris sei)

It wie thús tsjin **Frjentsjer**, in hiele oare ploech as ferline jier, mar wol sportiver.

Yn in wedstriid wê't de keeper Hendrik en de ferdigening in betroubere yndruk makken. Bas K., Richard, de âldste Hutting en Tsjalling hellen de angels foar sa fier as se der wiene út it spul fan de oaren. It midden bestie út Bertus, Henkie en die jonge fan Joustra. Ik bin syn foarnamme kwy't, mar sy rûnen harren poaten ûder de bealch wei. Foaryn hiene wy Henkie, Bas W. en de jongste Hutting. Max of sa sawat.

Mar Frjentsjer kaem op 1 - 0 nei wat min úferdigjenjen en wat in beroerd skot wie de keeper net yn steat om de bal te kearen.

Lokkich foar ús skeat Bertus ek al sa beroerd; fia in skonk fan dy oaren makke hy gelyk en hiene wy ús earste puntsje.

Oh ja wy hiene in nije skieds. Hy hjit Evert en fluite treflyk,

Hy sei nei ofrin dat hy wol faker de fluit yn 'e bek haw woe, mar miskien jammer foar it tredde, dêr wol hy net fluitsje.

## Tsjin Berltsum

Sa as Bush (hy komt út Amerika) ris sei: " We are here on this planet to help each other" wie no it tredde oan set om ús te helpen. Werom sille jo no wol tinke, no dat sil ik jim dúlik meitsje.

Us keeper (ik dus) ie famylje ferplichtingen sa as eltsen ien dat wol ris hat.

